

# 1

## Jona naait út nei Tarsis

<sup>1</sup> De HEAR sei tsjin Jona, de soan fan Amittai: <sup>2</sup> 'Do moastst op 'en paad gean nei de grutte stêd Ninevee en de ynwenners oankleie, want harren ferkeardens is my dúdlik wurden.' <sup>3</sup> Doe stuts Jona ôf en naaide út nei Tarsis, fier by de HEAR wei. Hy gie nei Joppe en fûn in skip dat Tarsis as bestimming hie. Hy betelle fearjild en gie oan board om mei nei Tarsis te farren, fier by de HEAR wei. <sup>4</sup> Mar de HEAR jage in hurde wyn op 'e see en it begûn sa te stoarmjen dat it like wol as soe it skip brekke. <sup>5</sup> De seelju waarden benaud en elkenien rôp nei syn eigen god. Se smieten de lading yn 'e see om it skip lichter te meitsjen. Jona wie lykwols ûnder it dek gien, hie him del jûn en wie yn 'e sliep fallen. <sup>6</sup> Mar de skipper gie nei him ta en sei: 'Man, hoe krigest it yn 'e holle datst hjirre leist te sliepen? Kom oerein en rop nei dyn god! Miskien dat er oan ús tinkt sadat wy net fergeane.' <sup>7</sup> Doe seinen de seelju tsjininoar: 'Kom, lit ús it lot smite om út te finen troch wa't dizze ellinde oer ús kommen is.' Hja smieten it lot, en it foel op Jona. <sup>8</sup> Se seinen tsjin him: 'Fertel ús: troch wa is dizze ellinde oer ús kommen? Wat dochsto hjir? Wêr komst wei, út hokker lân? Fan hokker folk bisto der ien?' <sup>9</sup> Jona antwurde: 'Ik bin in Hebreëer, en ik ferearje de HEAR, de god fan 'e himel, dy't de see en it fêste lân makke hat.' <sup>10</sup> Dat makke de seelju deabenaud en se seinen tsjin Jona: 'Wat hasto dan dien?' Hja wisten dat er fier by de HEAR wei útnaaid wie, omdat er harren dat ferteld hie. <sup>11</sup> Doe seinen se tsjin him: 'Wat dogge wy mei dy, dat de see ús gewurde litte sil?' Want de see waard hieltyd balstjoeriger. <sup>12</sup> Hy antwurde: 'It bêste is dat jim my optille en yn 'e see smite, sadat de see jim mei rêst lit. Want ik wit dat it om my is dat dizze swiere stoarm oer jim kommen is.' <sup>13</sup> De lju besochten lykwols út alle macht om it skip nei it fêste lân te roeien, mar dat slagge harren net, want de see gie hieltyd wylder tsjin har te kear. <sup>14</sup> Doe rôpen se nei de HEAR: 'Asjebleaf, HEAR, lit ús dochs net fergean as wy dizze man it libben benimme. Stel ús net oanspraaklik foar de dea fan in ûnskuldige. Jo hawwe it ommers sels dien sa't jo it hawwe woene.' <sup>15</sup> Doe tilden se Jona op en smieten him yn 'e see, en de see syn lilkens bedarre. <sup>16</sup> De manlju krigen djip ûntsach foar de HEAR, en brochten him in offer en dienen him tasizzigen.

# 2

## Jona's bea

<sup>1</sup> Doe soarge de HEAR foar in grutte fisk om Jona op te slokken. Jona siet trije dagen en trije nachten yn it fiskeliif. <sup>2</sup> Doe bidde Jona út it fiskeliif wei ta de HEAR, syn God, <sup>3</sup> en hy sei:

'Ik haw yn myn benaudens nei de HEAR roppen  
en hy hat my antwurde.

Út de kerte fan it deaderyk wei haw ik skriemd,  
en jo hawwe my heard.

<sup>4</sup> Jo hiene my yn 'e djipte smiten,

midden yn 'e see,  
kolkjend wetter wâle om my hinne.  
Jo brekkers en weagen binne oer my hinne slein.

<sup>5</sup> Doe haw ik sein:

“Ik bin fan jo fuortjage,  
mar ik sil wer opsjen nei jo hillige timpel.”

<sup>6</sup> It kolkjende wetter omjoech my  
dat it my oan 'e lippen ta kaam.

De wetterdjipte omwâle my  
en it seewier wuolle my om 'e holle.

<sup>7</sup> Ta de woartels fan 'e bergen bin ik delsakke,  
de skoattels fan it deaderyk soene my foar ivich opslute,  
mar jo hawwe myn libben omheech brocht út it grêf,  
o HEAR myn God.

<sup>8</sup> Doe't myn libben weikwynde  
haw ik my nei de HEAR ta keard.  
Nei jo gie myn gebed omheech,  
nei jo hillige timpel.

<sup>9</sup> Dy't ôfgoaden fan neat oanbidde, jouwe God syn trou op.

<sup>10</sup> Mar ik offerje jo myn lofliet:  
Dat wat ik tasein haw, sil ik dwaan.  
It is de HEAR dy't rêdt!

<sup>11</sup> Doe sommige de HEAR de fisk en dy spuide Jona út op it fêste lân.

### 3

#### Jona giet nei Nineve

<sup>1</sup> Foar de twadde kear sei God tsjin Jona: <sup>2</sup> 'Do moastst op 'en paad gean nei de grutte stêd Ninevee en dêr it boadskip bringe dat ik dy sizze sil.' <sup>3</sup> Doe stuts Jona ôf nei Ninevee sa't de HEAR him opdroegen hie. No wie Ninevee in ûnbiedich grutte stêd; it duorre wol trije dagen om dertrochhinne te rinnen. <sup>4</sup> Doe gie Jona de stêd yn en rûn in dei lang. En hy rôp: 'Noch fjirtich dagen en Ninevee wurdt omkeard.' <sup>5</sup> Doe leauden de minsken fan Ninevee God. Se kundigen in festeltiid ôf en klaaiden har allegear yn rouklean, heech en leech. <sup>6</sup> Doe't de kening fan Nineve hearde wat der sein wie, kaam er fan syn troan oerein, lei syn keningsmantel ôf, klaaide himsels yn rouklean en gie yn 'e jiske sitten. <sup>7</sup> Hy joech befele it folgjende ôf te kundigjen yn Ninevee: 'Dit is it beslút fan 'e kening en syn hôf: Minsken en bisten, kij en skiep meie alhiel gjin iten priuwe, se meie net weide wurde en wetter meie se net drinke. <sup>8</sup> Minsken en bisten moatten harren yn rouklean klaaie en in twingend berop op God dwaan, harren minnen praktiken en harren geweld opjaan. <sup>9</sup> Wa wit komt God derfan werom en lit er it gewurde en keart er syn grutte lilken ôf, dat wy net omkomme.' <sup>10</sup> Doe't God seach wat se dienen, dat se har ôfkearden fan har minne praktiken, doe betocht er him en fierde de straf net út.

### 4

## Jona wurdt liik op God om syn goedgeunstigens

<sup>1</sup> Dat wie Jona min nei't sin, en hy waard der frijwat liik om. <sup>2</sup> Doe bidde er ta de HEAR: 'Is dit net wat ik sein hie wat der barre soe, HEAR, doe't ik noch thús wie? Dêrom bin ik hastich útnaaid nei Tarsis, omdat ik wist dat jo goedgeunstich en meilibjend binne, sunich mei liikens en fol fan geunst, in God dy't ôfsjocht fan 'e straf. <sup>3</sup> HEAR, nim myn libben no daliks mar, want ik bin leaver dea as dat ik libje.' <sup>4</sup> Mar de HEAR frege Jona: 'Tinksto datst der goed oan dochst om liik te wêzen?' <sup>5</sup> Doe gie Jona út 'e stêd wei en oan de eastkant fan 'e stêd sitten. Dêr makke er himsels in hutte. Hy gie derûnder yn it skaad sitten om te sjen wat der mei de stêd barre soe. <sup>6</sup> Doe soarge de HEAR God foar in wûnderplant en liet dy oer Jona hinne opkomme om syn holle skaad te jaan, om him te rêden fan syn ûngemak. Jona wie like fleurich as wat om 'e plant. <sup>7</sup> Mar doe't de oare deis de dage oan 'e loft kaam, soarge God foar in wjirm dy't de plant deafriet sa dat er fertoarre. <sup>8</sup> Doe't de sinne opkaam, soarge God foar in gleone eastewyn, en de sinne baarnde Jona op 'e holle dat er der flau fan waard. Doe woe er stjerre, en hy sei: 'Ik bin leaver dea as dat ik fierder libje.' <sup>9</sup> Mar God sei tsjin Jona: 'Tinkst datsto der goed oan dochst om liik te wêzen om 'e plant?' En hy antwurde: 'Jawis, ik haw skoan gelyk om liik te wêzen, ik woe dat ik dea wie!' <sup>10</sup> Doe sei de HEAR tsjin Jona: 'It begruttet dy om in plant dêr'tsto net foar wurke hast en dy'tst net groeie litten hast. Dy't yn ien nacht opkaam en yn ien nacht fergien is. <sup>11</sup> Soe it my om de grutte stêd Ninevee dan net begrutsje? Dêr't mear as 120.000 minsken wenje dy't it ferskil net witte tusken harren linker en harren rjochter hân? En wat fan al dat fee?'